FERIENING FRYSK UNDERWIIS

Skriuwerskip:
Drs. S.T. Hiemstra
G. Sondermanstrjitte 29
9203 PT DRACHTEN

Oan it bestjoer en it personiel fan de
Otto Clantskoalle
Blessumerpaed 3
9031 XM BOKSUM

Drachten, 25 septimber 2006

Underwerp: *sertifisearring*

Achte dames en hearen,

It bestjoer fan de *Feriening Frysk Underwiis* wol jimme fan herten lokwinskje mei de sertifisearring fan jimme skoalle as *trijetalige* basisskoalle. Us feriening stribbet al jierren nei in folweardich en fanselssprekkend plak fan it Frysk yn it ûnderwiis. Jimme hawwe mei it projekt 'Trijetalige skoalle' sjen litten dat in meartalige ûnderwiisoanpak net skealik, mar sels better is foar de ûnderwiisrisseltaten. Frysktalige bern hoege dêrfoar harren taal net yn te ruiljen en fan-hûs-út oarstalige bern leare boppedat op goede grûnen respekt te hawwen foar en feardigens yn de taal fan harren klasgenoaten. Meartaligens dus as rykdom en as kânsen foar de takomst.

Wy wolle dan ek ús grutte wurdearring útsprekke en hoopje dat – nei't it achtjierrich projekt ôfsletten is – jimme op deselde foet trochgeane. Mei jimme ûnderfinings kinne jimme oare skoallen skewiele dat paad ek op te gean.

Jitris lokwinske!

Mei rju achtinge,

S.T. Hiemstra,
skriuwer *FFU*

Deselde lokwinsken binne oan de neikommende 7 sertifisearre skoallen stjoerd:

1. De Brêge
Heidenskipsterdyk 28a
8724 HW IT HEIDENSKIP

2. De Tsjelke
Stasjonswei 12
9151 JN HOLWERT

3. Ids Wiersmaskoalle
Stemhuisstrj. 1A
9153 BH BRANTGUM

4. Master Frankeskoalle
Eilânsgrien 17
9264 TB EARNEWALD

5. Otto Clantskoalle
Blessumerpaed 3
9031 XM BOKSUM

6. Van Haersma Bumaskoalle
De Hoep 45
8622 XM DE HOMMERTS

7. KBS It Harspit
Herweijstrj. 49
9145 SK TERNAARD